


Beliedsplan 2023 – 2026 (2.0)

GROEIE YN MIENSKIP



Psalm 1

Ynlieding

Foar jo leit it Beliedsplan 2023-2026. Lykas it foarige beliedsplan (fan de perioade 2018 – 2022) draacht dit plan de titel 'Groeie yn mienskip'. It foarige beliedsplan is ûntstien nei in yngeand trajekt (mei eksterne begelieding). It wie in mienskiplik proses dêr't in soad gemeenteleden oan bydroegen hawwe, basearre op it prinsipe fan 'wurdearjende gemeente-opbouw'. Essinsjeel hjirby is it om te learen wurdearjen wat je as gemeente al yn hús hawwe en wat goed giet!

Fan dat earste plan ha wy yn de earste jierren in protte útfiere kinnen. Benammen as it giet om de organisatoaryske kant fan it plan. Mar al gau krigen wy te meitsjen mei covid, wêrtroch in soad saken net of hast net fan de grûn kommen binne. Dêrom hat de tsjerkeried besletten om foar de perioade 2023-2026 net wer in yngeand trajekt yn te gean, mar de basis fan it foarige plan te brûken om dêr op fierder te gean

Yntern – ekstern

Yntern wolle wy as pleatslike gemeente in 'oplaadpunt' wêze: yn in omjouwing dêr't leafde, tsjinjen, ienheid, frede en rjochtfeardigens sintraal stean. Ekstern wol ús gemeente út it gebod fan de leafde ferbining lizze tusken minsken, groepen en yn de mienskip.

'Groeien in gemeinschap'

Wy wolle groeie yn mienskip. Lykas hjirboppe neamd, wurdt dit fisueel makke mei it byld fan in beam dy't stevich woartele is. In beam mei woartels, dy't groeit en takken, blêden en fruchten hat, nei oanlieding fan Psalm 1:

*'Hy sil wêze as in beam,
Plante by streamjend wetter,
Op 'e tiid draacht er frucht,
Syn blêden ferdrûgje net
Alles wat hy docht, komt ta bloei'* (Psalm 1:3 NBV)

Burgum, jannewaris/febrewaris 2023

Missy Psalm 1

As Protestantske Gemeente Burgum binne wy in kristlike mienskip dy't ferbûn is troch it leauwen yn en it sykje nei God. Jezus is ús foarbyld en de bibel is ús paadwizer. Dat ynspirearret en motivearret ús. Dat fiere wy, dat drage wy út en wy hannelje dernei. It foarmet ek ús identiteit. Fanút dizze identiteit binne wy tsjinstber oan en belutsen by de wrâld om ús hinne: tichtby en fier fuort.

Fyzje

As Protestantske Gemeente Burgum wolle wy in kristlike mienskip wêze:

- Wêrby't de leden, jong en âld, nei oaren omsjogge, foar inoar soargje, inoar op wei helpe, stimulearje om it goede te dwaan en it algemien belang boppe it persoanlik belang **te setten**.
- Wêr't minsken harsels wêze kinne, har thús fiele en witte dat se derby hearre.
- Dy't belutsen, aktyf, dynamysk en selsbewust is.
- Dy't net allinnich each hat foar de earmoed en de noeden fan de wrâld, mar dêr ek wier wat foar betsjutte wol. Foar dy mienskip is de moeting in wichtich ynstrumint.

Dy mienskip foldocht oan trije wichtige eigenskippen:

- Iepenheid
- Ferantwurdlikens
- Romte

Groeie yn mienskip

Wy langje nei in leauwensmienskip dy't libbet út fertrouwen. In mienskip dêr't libben en leauwe tegearre dield wurde kinne. In mienskip dêr't minsken har mei-inoar ferbine kinne, binnen en bûten de tsjerke, en tegearre sykje nei antwurden. In gemeente dy't ferbingingen leit mei de wrâld om har hinne, en mei aktuele fragen. In gemeente dy't it lef hat om nei nije wegen te sykje. In oefenplak foar it libben, in fynplak fan hoop.

(Dit langstme is formulearre nei oanlieding fan de 'Wall of Wonder' fan de grutte tsjerkeried, en wie útgangspunt foar de petearen op de startsnien)

Beliedsspeerpunten

Us fyzje en ús langstme om te 'Groeien yn mienskip' binne útwurke yn de folgjende beliedsspeerpunten:

1. Ferbining mei de boarne
2. Groeie yn mienskip binnen de gemeente
3. Iepen tsjerke: groeie yn mienskip bûten de gemeente
4. In slachfeardige organisaasje
5. In takomstbestindige gemeente
6. Jonge minsken en jongfolwoeksenen



Protestantske
Gemeente
Burgum

Groeie yn mienskip




Protestantse
Gemeente
Burgum

Ferbining mei de Boarne

It moat earne oer gean by ús yn de gemeente. Wy hawwe it langstme nei ynhâldlike ferdjipping, it petear oer sinjouwing, libbens- en leauwensfragen binne fan grut belang. It evangeelje is ús boarne fan ynspiraasje. Fanút dy ynspiraasje wolle wy mei-inoar yn petear gean en bliuwe. Likegoed yn de earetsjinst as yn grutte en lytse groepen. Derby komme wy inoar sûnder foarordien temjitte. Wy jouwe/gunne inoar dy romte.

Byld: in beam dy't stevich woartele is



Doel	Aktiviteit	Planning	Status	Eigner(s)
1. Tsjinsten/preken slute (better) oan by de deistige praktyk, sadat de Bibel in hânwizer/stipe is yn it deistich libben	<ul style="list-style-type: none"> - In saakkundige in presintaasje of preek hâlde litte mei in link nei de Bibel - Predikant: rjochtsje op de problematyk fan minsken en sjoch dêrnei wat de Bibel ús deroer fertelle kin. - In gedachtewiksel oer hokker problematyk by hokker spreker past (Kearn, Energyloket, Algemiene saken, Digitale saken/ tiidrek) - Tematsjinsten organisearje 	Kontinu	Rint	<ul style="list-style-type: none"> - Predikant is de spil. Dêrneist gebrûk meisje fan: <ul style="list-style-type: none"> o Taakgroep Earetsjinst o Griene Tsjerke o Pastoraat o Jeugdrie
2. Dúdlik krije hoe't de Bibel antwurden jout op maatskiplike fragen, sadat wy ynsjoch krije yn wat it is en wat wy der (as kristen) mei kinne of moatte	<ul style="list-style-type: none"> - In ferskaat oan ûnderwerpen sammelje - Tiidstip + spreker organisearje - Filmjûn + petear 	Begjinne fanôf hjerst 2023 2 kear per jier.		<ul style="list-style-type: none"> - Om bar in geleding bygelyks de wurkgroep earmoed fan de diakony of it pastoraat (Kearn)tserkeried hâldt regy


Groeie yn mienskip



Groeie yn mienskip binnen de gemeente

Wy binne hieltyd rjochte op it fersterkjen fan de ûnderlinge mienskip binnen ús gemeente. Al binne wy ferskillend fan leeftiid, eftergrûn en foarkarren, wy hawwe it leauwen yn Jezus Kristus mienskiplik. Wy wurkje der trochgeand oan om inoar better kennen te learen en te begripen troch it organisearjen fan meetings. Dêrneist sykje wy nei de bêste wizen en middels, dy't passe by de tiid, om inoars talinten optimaal te brûken foar it fersterkjen, de ferdjipping en de útwreiding fan ús ûnderlinge mienskiptsbân en foar de tsjinst oan de Hear.

Binnen ús gemeente wolle wy inoar leafhawwe, ferjaan, akseptearje, ferdrage, nei inoar omsjen, inoar opbouwe en oanmoedigje en eare bewize, nei it foarbyld fan Jezus Kristus, dy't wy belibje as ús Hear.



Doel	Aktiviteit	Planning	Status	Eigner(s)
3. Elkoar moetsje yn lytse kring rûnom de boarne dêr't wy troch groei, ferbining en omtinken der foar elkoar wêze meie.	<ul style="list-style-type: none"> -Regulier 'besykwurk' -Organisearje fan wykjûnen -Organisearje fan gespreksgroepen -Húskeamerpetearen - 'Eet je mee' - Tiid foar in bakje (bestead) -Breikafee (bestead) -25+-groep foarmje -Besikersprojekt jonge âlders 	<p>Kontinu</p> <p>Begjin simmer 2025</p>	<p>Rint</p> <p>Rint</p> <p>Rint</p> <p>Rint</p> <p>Rint</p>	<ul style="list-style-type: none"> - Pastorale ried - Predikantenteam - Kontakt-/wykbesikers
4. Der is ferbining tusken 'Tsjerkegonger' en Jeugd; jeugd wurdt sjoen	<ul style="list-style-type: none"> -Organisearje 'kliederfieringen' -5^e snein fan de moanne organisearje fan in -Zondagskind-tsjinst -All-4-one tsjinsten 	Kontinu	Rint	<ul style="list-style-type: none"> - Jeugdried - Predikantenteam
5. It omtinken foar elkoar en koarte linen yn 'e kommunikaasje. Én in oersjoch fan it brede oanbod fan aktiviteiten dêr't dúdlik by is wêr't minsken sawol meihelpe as meidwaan kinne	<ul style="list-style-type: none"> -Ûndersyk tsjerke-app -Ynrjochtsje en oanskaffe fan de tsjerke-app -Ûndersyk ynstelle fan kontintbehandler of 'kommunikaasjemeiwurker' 	Hjerst 2025	Rint	<ul style="list-style-type: none"> - Tsjerkeried - Projektgroep

Groeie yn Mienskip



Protestantse
Gemeente
Burgum

Iepen tsjerke: groeie yn mienskip bûten de gemeente

Wy sykje dúdlik de ferbining mei oaren yn ús omjouwing.

De doarren fan de tsjerke meie faker iepen om yn 'e kunde te kommen mei oaren, ek troch de wike. En wy meie sels mear nei bûten trede, om te sjen te litten wat wy wurdich binne! Dat freget derom dat wy it petear oangean en harkje nei wêr't wy ús by oanslute kinne. Wy ûntwikkelje mear nei-bûten-rjochte aktiviteiten.



Doel	Activiteit	Planning	Status	Eigena(a)r(en)
6. Der wêze foar in oar	-Gearwurking Kern <ul style="list-style-type: none"> ○ 'Armoede' – 'Ik red het niet meer' ○ 'Eenzaamheid' -Tsjerke iepen mei Aldersielen / Ivichheidsnein foar elkenien -Tsjerke iepen; altyd	Foarjier 2025	Klear Klear	- Diakony/ Team - Diakony - Pastorale ried - Predikantenteam - Wurkgroep jiertema - Kolleezje fan Tsjerkerintmasters
7. Ferbining fasilitearje /ta stân bringe	-Oekumene – sjongtsjinsten -Tema's/petearen maatskiplik -Oan tafel – aktiviteiten + PR -Nijjiersresepsje -'Eet je mee' -Musical -Grientetún	Kontinu	Rint Rint Rint Klear Rint	- Wurkgroep jiertema - Griene Tsjerke

Groeie yn Mienskip


In slachfeardige organisaasje

De tsjerkeried soarget foar in effisjinte en slachfeardige organisaasjestrutuer. Yn de amtlike gearkomsten wurde de haadlinen besprutsen en neigien yn ferbân mei it bestjoer fan ús gemeente.

Foar de útfiering fan ferskate aksjepunten of beliedssaken kin in projektorganisaasje foarme wurde dy't dan de organisaasje en útfiering op har nimt. Sy dogge dit binnen de troch de tsjerkeried oanjûne kaders en lizze oan har ferantwurding ôf. Hjirfoar kinne besteande ôfdielingen (geledingen) ynset wurde, mar der kinne ek nije foarme wurde. Fan ôfdielingen wurdt in aktive bydrage ferwachte, sjoen de beheinde middels en kapasiteit.



Protestantse
Gemeente
Burgum



Doel	Activiteit	Planning	Status	Eigena(a)r(en)
8. De gemeente wit wat de taak fan diaken, âlderling en jeugdwurker ynhâldt. Hja witte hoefolle tiid oft der yn dizze taken sitten giet, sadatst ynskatte kinst oft it wat foar dy is .	-“Meet & Greet op de kreamkesmerk” (op de startsnein?) -Ynterviews yn it tsjerkeblêd mei frijwilligers -Reklame meitsje; yn dyn omjouwing en yn tsjerke foar de moaie dingen dy't wy al dogge; Storytelling -“Proeverij/stageperiode” -Filmkes meitsje -> in dei út it libben fan... -> beamer yn de tsjinst -> website -Social mediabelied ûntwikkelje	2023		- Geledingen (dy't minsken nedich binne) - Kearntsjerkeried
9. Dyn talint foar de tsjerke: • Hokker grutte en lytse taken binne der?	-Ynventarisearje by gemeenteleden wat hja dwaan wolle/kinne foar de tsjerke	Fanôf simmer 2025	Rint	- Oppakken yn kombinaasje mei besikersprojekt (zie 3)
10. Helder hawwe: • Wêr binne wy fan? • Kinne wy dit behappe? • Wat dogge wy net (mear)? Want <u>nee</u> kin ek in antwurd wêze)	-By elke nije fraach of aktiviteit de trije fragen hjirneist stelle en keuzes meitsje -Elke geleding hat in ûmskriuwing makke fan syn 'core'-business.	Kontinu	Rint	- Elke geleding sels

Groeie yn Mienskip



Protestantse
Gemeente
Burgum

In takomstbestindige gemeente

Krekt as oare tsjerklike gemeenten hat ek de PG Burgum te krijen mei krimpjende ledetal. Op basis fan in sekuere analyze fan it ferrin en de gefolgen fan ûntgriening en fergrizing beprate wy mei-inoar de mooglikheden en ûnmooglikheden foar de takomst. Dan giet it benammen om de saaklike aspekten fan it gemeente-wêzen: jildwerving, gebouwen, ynset beropskrêften. Hokker senario's binne tinkber om de gemeente takomstbestindich te meitsjen/hâlden?



Doel	Activiteit	Planning	Status	Eigena(a)r(en)
11. Wy binne fleksibel as it giet om gebouwen	<ul style="list-style-type: none"> -Gebouwefisy opstelle; wêr moatte op de langere termyn ús gebouwen oan foldwaan as it giet om û.o. funksjonaliteit, grutte en útstrieling -Yn kaart bringen fan de ûntwikkeling fan ledetal ensfh. -Opstellen fan mearjierrebegutting 	2022 en fierder	PvE klear Klear Klear	- Kolleezje fan Tsjerkerintmasters
12. Wy binne fleksibel as it om de formaasje giet.	<ul style="list-style-type: none"> -Fisy ûntwikkelje oangeande de ynfolling predikanteteam, ynhâldlik en organisatoarysk/struktuer (yndieling seksjes ensfh.) -Yn kaart bringen fan ûntwikkeling fan ledetal ensfh. -Opstellen fan mearjierrebegutting 	2023	Klear Klear Klear	- Tsjerkeried - Kolleezje fan Tsjerkerintmasters
13. Foar 1 jannewaris 2025 binne gearwurkingen mei oare tsjerken yn Burgum ûndersocht.	<ul style="list-style-type: none"> -Kontakt lizze mei oare gemeenten yn Burgum -Aktiviteiten tegearre mei oare tsjerken organisearje, bgl. tiidstip startsnein, estafette -In mienskippeljike aktiviteitekommisje, neier te bepalen 	Sept. 2023 en fierder		- Moderamen
14. Wy wurkje gear mei gemeenten yn ús ûmjouwing	<ul style="list-style-type: none"> -Ûndersykje oft en op hokker wize der gearwurke wurde kin mei gemeenten binnen de ring Burgum 	Fanôf 2025	Rint	- Moderamen

Groeie yn Mienskip




Protestantse
Gemeente
Burgum

Jongeren en jongfolwoeksenen

Wy sykje nei wegen wêrlâns ús gemeente him nei de takomst fierder ûntwikkelje kin. Dêrby wolle wy eksplisyt tiid en oandacht jaan oan it fraachstik hoe't wy de jongerein en de jongfolwoeksenen mear belutsen krije by ús gemeente. Oare moetingsoarmen moatte útwurke wurde om inoar te moetsjen en leauwenssaken diele te kinnen en om inoar te bemoedigen. Wy moatte dêrby ek ynspylje op de aktuele saken yn ús tiid dy't minsken dwaande hâlde of dêr't se mei wrakselje.

By de útdagings dêr't wy foar steane sille wy mooglik ek gearwurking sykje moatte mei omlizzende gemeenten om ús krêften te bondeljen, sadat wy inoar helpe kinne.

Dêrby sille wy ôfhinklik fan de ûntwikkeling fan ús gemeente ek sekuer de materiële en finansjele aspekten ôfwage moatte.



Doel	Activiteit	Planning	Status	Eigena(a)r(en)
15. De jongerein sjen litte, belibje litte en ûnderfine litte wat it leauwe betsjut yn it deistich libben.	- Zondagskind - Rock Solid - Gespreksgroep 16-17-jierrigen	Kontinu	Rint	- Jeugdried
16. Belutsenens fan (jong) folwoeksenen ferbetterje troch ynset fan middels dy't oanslute by harren belibbingswrâld, wylst ek de besteande leden belutsen wurde/bliuwe.	- Ekstern buro ûndersyk dwaan litte hoe't wy dit oanpakke kinne - Advys (nei beslútfoarming tsjerkeried) ymplementearje	Foarjier 2025 Hjerst 2025	Klear Rint	- Zondagskind - Jeugdraad/Rock Solid/Chat
17. Jeugd bewust meitsje fan wrâldwiid gemeente fan Kristus wêze te kinnen	- Útwikseling Oekraïne 15/16-jierrigen - Útwikseling Poalen; gemeentebreed	2026	Ûndersyk	- Jeugdried - Predikanteteam